


MOASJE

Ynlutsen

Yn te foljen troch de griffier

Yntsjinner: Lieuwe van der Pol, ChristenUnie
Mei-yntsjinner(s):

Moasje nr.	1
Paraaf	
Wurklistpunt	10
Beslút	ynlutsen

MOASJE, ex artikel 30 Reglement van orde

Steategearkomste	22 januari 2020
Wurklistpunt	Beliedsnota Keunst & kultuer, taal & ûnderwiis en erfgoed yn Fryslân 2021-2024.
Koarte titel fan de moasje	Kommunikaazje mei fjild en advyskommisjes

De Steaten, yn gearkomste byien op 22 januari 2020
heard hawwende de rieplaching;
konstatearjende dat

- de beliedsnota Keunst & kultuer, taal & ûnderwiis en erfgoed yn Fryslân 2021-2024 in tal fundamentele wizigingen yntrodusearret yn it kultureel subsydzjebelied;
- de provinsje in mear fasilitearjende en minder regissearjende rol spylje wol yn it kulturele fjild;
- ûnôfhinklike advyskommisjes in rol spylje by it takennen fan de subsydzjes;
- it fjild fanôf de yntroduksje belutsen bliuwe sil by de útwurking fan it belied;
- it aksint op projekten yn dit belied koepelorganisaazjes soarch jout oer de wize werop har taken under brocht wurde kinne yn kansryke projektplannen;
- d'r soarch bestiet oer de wize werop blockbusters foldwaande underbrocht wurde kinnen yn de ambysjes;
- kulturele organisaazjes benaud binne foar ekstra kosten foar it opstellen fan projektplannen, weryn rekkening hâlden wurdt mat mei alle kriteria;

oerwaagjend dat

- de ôfstân tusken subsydzjeferliner en advisearjende artistike kommisje in winsklike ûntjouwing is foar sawol de provinsje as it fjild;
- oanbieders fan blockbuster harren ek sterk profylearje op it mêd fan gastfrijens-ekonomy;
- kulturele organisaazjes tinke dat it lestich wêze sil om de ambysje te bepalen wêrby't se meidwaan kinne;
- yn de kriteria mei klam ek de SDG's meinommen wurde moatte;
- dizze kriteria en de derby brûkte bewurdigen iendúdich kommunisearre wurde moatte;
-

fersykje it kolleezje fan Deputearre Steaten

- by de ymplementaasje fan dit belied gebrûk te meitsjen fan in kommunikaasjeplan weryn boppesteande soargen oandacht krije en wêrtroch sawol it fjild as de

MOASJE

MOASJE

advyskommisjes dúdlik krije wat fan dize partyen ferwachte wurdt en op hokkerwize hja mei inoar omgean sille.	
• PS foar de simmer te ynformearjen oer dit kommunikaazjeplan en gean oer ta de oarder fan de dei	
Yntsjinner(s)	ChristenUnie, Lieuwe van der Pol 